In bysûndere dei yn it Âldereinhûs De Avondster

In koart komysk toanielstik skreaun foar 8 ferneamde persoanen troch Remco Klop mei in oersetting fan Rigtje Snoek-Zwart

2010

In bysûndere dei yn it âldereinhûs ‘De Avondster’.

In koart komysk toanielstik skreaun foar 8 ferneamde persoanen troch Remco Klop mei in oersetting fan Rigtje Snoek-Zwart

It stik:
Yn 2060 wenje yn Aldereinhus De Avondster bysundere alderen. Ferneamde stjerren stik foar stik. Mar hoe kin it dat Albert Einstein noch sa jong en fleksibel is?

Toanielbyld: 7 stuollen yn in heale sirkel foar de spilers, dy’t klear steane yn de coulissen.

Rollen:
Ferteller
Albert Einstein
Neil Armstrong
Hans Kazan
Michael Jackson
Jennifer Lopez
Britney Spears
Lala (fan de Teletubbies)

In bysûndere dei yn it âldereinhûs 'De Avondster'.

Ferteller:
Foar dit toanielstik geanne we 50 jier fierder yn 'e tiid, nei it jier 2060. We sjogge dêr de geselskipsrûmte fan Âldereinhûs De Avondster. Yn dit hûs wenje allinnich mar ferneamde minsken, stjerren dus! Michael Jackson bygelyks, Jennifer Lopez, Britney Spears en Hans Kazan, de gûchelder, mar ek Neil Armstrong, de earste man op de moanne en NET TE FERJITTEN: Lala, de giele teletubby. De direkteur fan dit stjerrenhûs is nimmen minder dan Albert Einstein, de ferneamde professor. Se binne allegear âld, âlderein, mar se binne der en dêr giet it om. Jou se in applaus. Hjir is de ferneamde âlderein fan De Avondster.

(De âlderein, útsein Michael Jackson, ferskine stadich oan, krom, kreunend en steunend mei stokken. Der is mar ien fit en kwyk. Dat is, sa docht bliken, Albert Einstein.)

Einstein:
(Tsjin de âlderein.) Ja hear, komme jo mar! It giet fantastysk. De stuollen steane al klear. Bytsje tempo graach. Go Go Go! *(Nimt Neil Armstrong by de earm. Neil leunt op in stok mei flach.)* Kom mar, menear Armstrong.

Armstrong:
Kin ik hjir ek earne myn flach delsette, dat minsken witte dat ik hjir wie?

Einstein:
Ja, ja, earst mar efkes sitte. *(Nimt him mei nei in stoel.)*

Armstrong:
(*Giet mei muoite sitten.)* Sa, ik sit. It is in lyts stapke foar de minsk, mar in grutte foar myn stôk…. Of sa…..

(De rest fan de âlderein skoot noch hieltyd nei de stuollen. Allinnich Lala rint de ferkearde kant út en is dúdlik it paad bjuster….)

Hans Kazan:
(Sjocht it.) Sis direkteur Einstein, it liket wol of docht Lala in grutte ferdwyntrúk. Se giet der yn elts gefal fan troch. (Skoot wer fierder, steunend op in stôk dy't der út sjocht as is it in grutte 'toverstaf'.) Eartiids soe ik har sa werom gûchelje, want ik bin fansels de grutte gûchelder……Uh, de grutte gûchelder…. No, ik bin efkes myn namme kwyt…

Ferteller:
(Fanôf de sydkant.) Hans Kazan !

Hans Kazan:
Oh ja, Kazan. Ja, de fingers wolle noch wol…. (Makket wat fingerflugge

Bewegingen.), mar it kopke… *(Tikt tsjin syn holle.)*

Jennifer Lopez:
No, oer in kopke sprutsen. Moatst dizze hjir sjen. *(Wiist nei Britney Spears, dy't hielendal is.)* Britney Spears, hat in holle as in moanne…..

Armstrong:
Moanne, sei immen moanne? Dêr moat ik myn flagge delsette….

Britney Spears:
Ast dy flagge mar net yn myn holle setst, gekke moanneman….

Hans Kazan:
(Is sitten gien en sjocht nei Lala dy't noch hieltyd dwaande is te ferdwinen…). Direkteur Einstein, Lala is noch hieltiid yn 'e war….

Lala:
(Siket de oare Teletubbys.) Het zonnetje lacht, de lucht is blauw, Teletubbies kom maar gauw. (*Siket.)* Hé, wêr binne so no? O, o…. Jou no ris lûd….

Einstein:
Oh jee, kin immen misskien efkes helpe? *(Sjocht nei it publyk en kiest immen.)* Do miskien? Wolst even helpe Lala nei har stoel te krijen?

Ferteller:
(Tsjin Einstein.) Sil ik ek even helpe, Albert? Mei ik Albert sizze?

Einstein:
NATUERLIJK. Graach! (*Rint mei de persoan út it publyk nei Lala en tegearre besykje ze Lala nei de stoel te krijen.)*

(Mei ienige muoite, krije de ferteller en Einstein de âlderein op de stuollen. Se sizze û.o. 'kom mar hjer', 'sa giet it goed', en 'gean dêr mar sitten'. As Lala sit wurdt de persoan út it publyk betanke en as eltsenien sit, sjogge we dat der ien stoel leech is).

Britney Spears:
Hé, der mist immen!

Lala:
O, O .

Ferteller:
Hé, ja. Even sjen! Albert Einstein, Britney S. , Jennifer L. Loopneus , Hans Kazan, Lala, Neil Kuierstôk Armstrong…

Jennifer Lopez:
(Hat it yn 'e gaten..) Michael, Michael Jackson is der net!!!

Lala:
O, O. Jou ris lûd!

Britney Spears:
Sil wol wer wat geks oan syn gesicht dwaan litte. Sommige stjerren binne sa raar….

Jennifer Lopez:
(Tsjin Spears.) Moatst hearre wa't it seit. Sjoch nei dysels, mei dyn holle as in moanne….

Armstrong:
(Sjocht op.) Sei immen moanne? Dan moat ik der myn flagge delsette, dan witte se dat ik de earste wie…. (*Wol oerein komme.)*

Britney Spears:
(Tsjin Armstrong.) Sitten bliuwe, Moanneman, earst moatte we Jackson fine!

(*Dan komt Michael Jackson op mei it lûdsje dat typysk is foar him en hy giet stean yn de pose dy't wy fan him kenne.)*

Jackson:
Sorry, bin ik al. Myn noas moast rjocht set wurde, lytse operaasje. Sjoch, ik kin noch altyd de moonwalk! (*Hy bliuwt stil stean.)*

Armstrong:
(Skrikt op.) Hé, moonwalk? Dat betsjut : MAANLOOP . Wacht ris even, ik bin de earste man op de moanne, hjer! Net hy! *(Wol oerein komme.)* Ik moat myn flach delsette, oars is hy my foar.

Britney Spears:
Sitten bliuwe, hapsnurker, de moonwalk is in dûns. *(Ropt nei Michael J.).* Toe mar Michael, lit mar sjen! *(Der gebeurt neat. Jackson bliuwt stean en beweegt net.)*

Jennifer Lopez:
(Ropt.) Do kinst los hear, Jackon. Kom op, skodzje mei dyn bilwurk!

Jackson:
(Ferkrampt.) It giet net, ik ha kramp, ik kin my net mear bewege….

Jennifer Lopez:
(Lûde stim.) Hat immen in karke foar, Jackson?

Ferteller:
Ja, ik ha noch wat.

(Rint nei de coulissen en hellet in buggy of stekkarre foar it ljocht.)

Ferteller:
Helpst even Albert, mei ik Albert sizze?

Einstein:
NATUERLIJK.

(Tegearre sette se Jackson op de kar en ride him nei de stoel. As it in buggy is, kin hy dêryn sitten bliuwe).

Britney Spears:
Giet it, Michael?

Jackson:
Ja hear, bêst. Ik kin it noch bêst, hear. Allinnich by de lêste operaasje, is alles wat te strak oanlutsen. Myn billen sitte no fêst oan myn earen… *(Sjocht elkenien oan).* Oars soe ik dy dûns sa dwaan, hear.

Alle âlderein tegearre:
NATUERLIJK!

Ferteller:
Eltsenien sit, menear Einstein.

Einstein:
Siz mar Albert, hear. *(Tsjin de groep…)* Moai, want ik ha in **ferrassing.** Foar jimme!

Jennifer Lopez:
Moai, dat sil tiid wurde, want ik ferfeel my hjir hartstikkene dea. Do ek, Spears?

Britney Spears:
Ja, it is hjir mar in keale boel.

Kazan:
Sil ik in gûcheltrúk dwaan? Ik ha noch in leuke mei in do. SJOCH! Neat yn myn jaske. (*Docht jaske iepen*). Neat yn myn mouwen. (*Lit se sjen.*) HOCUS POCUS (*Docht in hân yn syn binnenbûse.*) IN DO FERSKYNT! (*Hy hellet in hân fol wite fearen út syn bûse en sjocht der teloarsteld nei…)*

Lala:
O, o !

Kazan :
De do is dea, menear. Hat te lang yn ´e bûse sitten, tink ik…..

Armstrong:
Ja, sa te sjen is hy nei de moanne! (*Heart ynienen wat hy seit.)* Hé, ik sei moanne… dat herinnert my oan it feit dat ik noch….

Alle âlderein tegearre:
… noch in flach delsette moat.

Armstrong:
Of hie ik dat al sein?

Einde zichtversie….